



Mids maaie 2025. Wêrom dizze meanmasine ?
!

Nasjonaal Park ! Natura 2000 gebiet

Oan it kolleezje fan de gemeente Tytsjerkstadiel
Oan de Ried fan de gemeente Tytsjerksteradiel.

Achte dames en hearen,

Om ús kondysje wat op peil te hâlden kuierje wy faak efkes as buorlju in 'rûntsje Prikwei'. In bekind rûntsje foar Earnewâldsters : Smidspaad > fytspaad Langesleatten > Prikwei > ds. Van der Veenwei > doarp.

It moaiste eintsje en meinammen yn de maitiid is it fytspaad lâns de Langesleatten skitterend. De grutte rykdom oan blommen is hjir yn de maitiid hiel bysûnder. In feest om hjir te kuierjen, in plak dêr't noch romte is foar fjildblommen sa fier it each fiemje kin, romte foar ynsekten, foar fûgels en gean sa mar troch.

It is no lykwols al foar it twadde jier op rige dat wy healwei maaie samar ynienen in grut meunster tsjinkomme dy't mei in protte pk's en twa meanmasines oer de polderdyk brult en yn in hoart de skitterende bermen feroaret yn in keale berm mei fernielde planten. Fuort binne krûpend grien, koekoeksblom, skuorwoartel, tongerblomke, bûterblom, gerzen, soere surk, brannettels, sûchnettel, hounetonge, kouweblomke, piipkrûd, koalsied, pinksterblom, giele skuontsjes, hoannepoat, weversblêd, gersstjer en gean sa mar troch én dan noch alle blommen dy't kommende wei wienen. Tiid om it sied falle te litten is der net. Wêrom sa ?

Wy ha kontakt hân mei it gemeentehûs, mei 'grien' en wy krigen te hearren dat der oer skille wie (?) Dat is blykber genôch om trije bunder fan it moaiste blommelân de nekke om te draaien ? En dêr is sa stadichoan al sa'n bytsje mear fan. Krekt op dizze plakken is der noch romte foar fjildblommen. It is ek mei troch soksoarte aksjes wol te begripen dat 75% fan de ynsekten fuort is, dat de fûgels gjin fretten mear ha en ferdwine, dat de lêste 30 jier 50 % fan ús flinters ferdwûn binne. Jimme sille it allegear ek wol witte en dan dochs mei donderjend geweld wer mei de trekker dat fytspaad del. Wêrom ?

Yn de takomstfisy 'Earnewâld, brûzjend grien feanparadys' (desimber 2024) hawwe de Earnewâldster opstellers fan dizze takomstfisy it folgjende oernaam út in skriuwen fan de gemeente:

De gemeente Tytsjerksteradiel hat yn 2021 it beliedsstik 'Tytsjerksteradiel , folle mear om te ûntdeken!' fêststeld. Hjiryn stean it belied en útfieringsprogramma fan 2021 oant 2030 yn de gemeente.

Tytsjerksteradiel wol yn 2030 bekind stean om har prachtige lânskippen mei status, skadige tunen, boskparken, keunst en pleisterplakken. Mei de klinkertdykjes, sânpaden, karakteristike pleatsen, doarpen mei histoaryske gebouwen en marren ropt dit in gefoel op fan skientme en ferwûndering. De gemeente stiet dêrnjonken bekind om har suvere kwaliteit. Dat sit him meinammen yn de ôfwikseling fan wrydske útsichten en greiden mei bosken, wetterrike topnatoer en smûke, streekeigen doarpen mei fersoarge hûzen en hiemen. Yn 2030 binne dizze skaaimerken noch better sichtber en fierder fuortsterke foar besikers en bewenners. Yn 2030 is Tytsjerksteradiel in libbene en komplette toeristyske gemeente. It Nasjonaal Park De Alde Feanen mei wettersportdoarp Earnewâld e.o. is troch de gemeente beneamd as ien fan de trije toeristysk-rekreative klusters. It Nasjonaal Park en it wetter binne in bestimming foar fakânsjegongers. In bestimming mei ynnovatyf oanbod en yn harmony mei de natoer. Deirekreanten út de omjouwing en toeristen û.o. út Ljouwert, gean der op ekskurzje.

It klinkt allegear sa moai, mar past it behear lâns de Langesleatten hjir ek by ? It liket sa net moat de konklúzje wêze.

Us fersyk oan jimme is om nei de simmer nochris kritysk te sjen nei it behear fan it bytsje blommelân dat wy noch hawwe. Nim tagelyk jimme eigen moai formulearre plannen der nochris by, soenen wy sizze. Want dy tûzenen deirekreanten en toeristen farre, fytse en kuierje alle jierren ek lâns de Langesleatten . It blomrike fytspaad lâns de Langesleatten !

Wy hoopje gau wat fan jimme te fernimmen.

Mei freonlike groetnis,

.....

Earnewâld.



Foar



Nei